

Taalreis troch Europa

In ynteraktyf programma foar Frysktaligen om de Fryske stavering en grammatika te learen

Wat is de Taalreis troch Europa?

- De Taalreis is in digitaal pakket yn de foarm fan in "serious game";
- Kinst it fia de kompjûter of tablet oeral op 'e wrâld brûke (ast mar ynternet hast);
- Hast gjin dosint nedich; der kin hielendal selsstannich mei wurke wurde;
- De Taalreis bestiet út útlis (teksten, Prezi's, filmkes) oer de regels fan it Frysk en oefeningen (diktees, ynfoloefeningen, ferbynoefeningen, spultsjes, ensfh.);
- De ynteraktive oefeningen wurde allegear automatysk troch it programma neisjoen en de brûker kriget feedback;
- It programma is adaptyf, dat wol sizze: it past him oan oan dyn tempo en oan dyn ferlet.

Hoe wurket it?

De reizger giet op reis troch Europa. Elk lân giet oer in oare regel. Do fynst dêr útlis en oefeningen dy't automatysk neisjoen wurde. Hoe fierder ast komst, hoe mear lannen "iepen" geane.

Taalreis troch Europa 1%

Leginda


- Iepen - Noch net begûn
- Iepen - Noch net klear
- Op slot - Meitsje earst ôf wêr'tst mei dwaande bist
- Op slot - Komt letter beskikber
- Op slot
- Noch mei dwaande

Yntroduksje

Welkom by de taalreis troch Europa. Yn dizze reis learst fan alles oer it Frysk: de stavering en de tiidwurden. Elk lân giet oer in oare regel. Do fynst dêr útlis en oefeningen dy't automatysk neisjoen wurde. Hoe fierder ast komst, hoe mear lannen "iepen" geane. Sûkses!

Welkom bij de taalreis door Europa. In deze reis leer je van alles over het Fries: de spelling en de werkwoorden. Elk land behandelt een regel. Je vindt er uitleg en oefeningen die automatisch nagekeken worden. Hoe verder je komt, hoe meer landen er "openen". Succes!

It begjin fan de Taalreis



Kinst sjen hokker lannen al iepen binne

Yn in lân begjinst altyd mei in “Talittingstoets”. Miskien witst al in soad oer de stavering en grammatika dy’t yn dat lân behannele wurde. Dan kinst flugger troch dat lân hinne. As dat net sa is, dan fynst yn it lân in soad útlis oer bepaalde taalregels. Sa wurdt yn Frankryk bygelyks útlein hoe’t it sit mei de g en ch yn it Frysk. Dêrnei folgje dan altyd oefeningen. Do meist deselde oefeningen faker dwaan en do krigest ek altyd feedback dêr’t eventueel yn útlein wurdt watst fout dien hast.

A screenshot of a language learning interface for 'Frankryk g/ch'. At the top, there is a progress bar for 'Frankryk g/ch' at 30%. Below that, a yellow box displays 'Talittingstoets' with a trophy icon and '89%'. Underneath, it says 'Do hast it folgjende resultaat op de talittingstoets helle:'. A row of six blue buttons with icons and checkmarks represents completed exercises: 'Yntroduksje stav...', 'Utllis g/ch', 'Presintaasje sta...', 'Presintaasje sta...', 'Skiuw mar Frys...', and 'Professor Henk...'. Below this is a green button 'Mearkaroefeningen g/ch'. At the bottom, a row of six green circular progress indicators shows completion percentages: 30%, 90%, 100%, 100%, 100%, and 100%.

Wolkom yn Frankryk: it oersjoch yn in lân

G / CH Mearkaroefening 1.2 g/ch

Kies it goede wurd

- baggerje
- bycht
- biggefange
- skandalich
- stachnearje
- wegering
- wegering
- wechering

Send

Foarbyld fan in oefening

G / CH Mearkaroefening 1.2 g/ch

Ferkeard

It goede antwurd: útgroeie

Feedback:
begjin wurd altyd in g (gearstalling)

útgroeie

segel

trochgean

Wim de Boer

80%

Nei de oefening krigest de resultaten, mei feedback

Sa as al oanjûn waard, giet elk lân oer in oare regel. Hoe fierder ast komst, hoe mear lannen "iepen" geane. Yn it ûndersteande oersjoch binne de lannen mei de tema's opnaam. Elk lân nimt sa'n 2 oeren stúdzjetiid; ôfhinklik fan dyn nivo fan it Frysk en hoe fluch ast learst.

<p><u>Switserlân</u>: s/z en f/v</p> <p><u>Frankryk</u>: g/ch</p> <p><u>Spanje</u>: a/aa o/oo e/ee</p> <p><u>Hongarije</u>: ú/u</p> <p><u>Eastenryk</u>: y/i/ii</p> <p><u>Grut-Brittanje</u>: û/oe</p> <p>Itaalje: de kapkes</p> <p><u>Portugal</u>: frjemde wurden</p> <p><u>Grykse eilannen</u>: twalûden</p> <p><u>Ierlân</u>: twalûden en brekking</p> <p><u>Waadeilannen</u>: lêste staveringsaken</p> <p>Lúksemburch: tiidwurden</p> <p><u>België</u>: regelmjittige tiidwurden op -e</p> <p><u>Dútslân</u>: regelmjittige tiidwurden op -je</p> <p><u>Denemarken</u>: ûnregelmjittige tiidwurden</p>	<p><u>Yslân</u>: ûnregelmjittige tiidwurden part 2</p> <p>Kroaasje: folchoarder tiidwurden</p> <p><u>Sweden</u>: mear oer tiidwurden</p> <p><u>Noarwegen</u>: persoanlike en besitlike foarnamwurden</p> <p>Roemeenje: lidwurden en oanwizende foarnamwurden</p> <p><u>Poalen</u>: meartal en ferlytsing</p> <p><u>Tsjechië</u>: eigenskipswurden en graadbûging</p> <p><u>Bulgarije</u>: ferhâldingswurden</p> <p><u>Slowakije</u>: freegjende foarnamwurden en bywurden</p> <p>Sloveenje: bynwurden en betreklike foarnamwurden</p> <p><u>Finlân</u>: telwurden en ûnbepaalde foarnamwurden</p> <p><u>Oekraïne</u>: werhelling</p>
---	--

Bist klear foar in taalaventoer? Doch dan de Taalreis troch Europa; in reis om nea te ferjitten!